



LASKJE

(Las(t)post)

Tragikomeedsje yn fjir bedriuwen

fan

JULIA ENGELEN

Fryske oersetting

Gurbe Dijkstra

TONEELUITGEVERIJ VINK B.V.

Tel: 072 - 5 11 24 07

E-mail: info@toneeluitgeverijvink.nl

Website: www.toneeluitgeverijvink.nl

VOORWAARDEN

Alle amateurverenigingen die het stuk: **LASKJE – LAS(T)POST** gaan opvoeren, dienen in alle programmaboekjes, posters, advertenties en eventuele andere publicaties de volledige naam van de oorspronkelijke auteur: **JULIA ENGELEN** en vertaler: **GURBE DIJKSTRA** te vermelden.

De naam van de auteur moet verschijnen op een aparte regel, waar geen andere naam wordt genoemd.

Direct daarop volgend de titel van het stuk.

De naam van de auteur mag niet minder groot zijn dan 50% van de lettergrootte van de titel.

U dient tevens te vermelden dat u deze opvoering mag geven met speciale toestemming van het I.B.V.A. Holland bv te Alkmaar.

© 2024 Anco Entertainment bv - Toneeluitgeverij Vink bv

Internet: www.toneeluitgeverijvink.nl

E-mail: info@toneeluitgeverijvink.nl

Niets uit deze uitgave mag verveelvoudigd en/of openbaar gemaakt worden door middel van druk, fotokopie, verfilming, video opname, internet vertoning (YouTube e.d.) of op welke andere wijze dan ook, zonder voorafgaande schriftelijke toestemming van I.B.V.A. HOLLAND bv te Alkmaar, welk bureau in deze namens de Uitgever optreedt.

Het is niet toegestaan de tekst te wijzigen en/of te bewerken zonder voorafgaande schriftelijke toestemming van I.B.V.A. HOLLAND bv te Alkmaar, welk bureau in deze namens de Uitgever optreedt.

Vergunning tot opvoering van dit toneelwerk moet worden aangevraagd bij het Auteursrechtenbureau **I.B.V.A. HOLLAND bv**

Postbus 363

1800 AJ Alkmaar

Telefoon 072 - 5112135

Website: www.ibva.nl

Email: info@ibva.nl

ING bank: 81356 – IBAN: NL08INGB0000081356 BIC: INGBNL2A

Geen enkele andere instantie dan het IBVA heeft de bevoegdheid genoemde rechten van u te claimen, of te innen.

Auteursrechten betekenen het honorarium (loon!) voor de auteur van wiens werk door u gebruik wordt gemaakt!

Auteursrechten moeten betaald worden voor elke voorstelling, dus ook voor try-outs, voorstellingen in/voor zorginstellingen, scholen e.d.

Vergunning tot opvoering:

1. Aankoop van minimaal **6** tekstboekjes bij de uitgever.
2. U vult het aanvraagformulier in op www.ibva.nl of u zendt de aanvraagkaart (tevens bewijs van aankoop), met uw gegevens, naar I.B.V.A. Holland. Uw aanvraag dient tenminste **drie weken voor de eerste opvoering** in bezit te zijn van I.B.V.A. Holland.
3. U krijgt daarop de nota toegestuurd. Na betaling wordt u de vereiste vergunning toegestuurd.

Vergunning tot HER-opvoering(en):

1. U vult het aanvraagformulier in op www.ibva.nl of u zendt de aanvraagkaart met uw gegevens naar I.B.V.A. Holland. Uw aanvraag dient tenminste **drie weken voor de eerste opvoering** in bezit te zijn van I.B.V.A. Holland.
2. U krijgt daarop de nota toegestuurd. Na betaling wordt u de vereiste vergunning toegestuurd.

Opvoeringen zonder vergunning zijn niet toegestaan en strafbaar op grond van de Auteurswet 1912. Zij worden gerechtelijk vervolgd, terwijl de geldende rechten met 100% worden verhoogd. Het tarief wordt met 20% verhoogd voor opvoeringen waarvoor geen toestemming werd aangevraagd binnen drie weken voorafgaand aan de voorstelling.

Het is verboden gebruik te maken van gekregen, geleende, gehuurde of van anderen dan de uitgever gekochte tekstboekjes.

Rechten BELGIË: Toneelfonds JANSSENS, afd. Auteursrechten,

E-mail: rechten@toneelfonds.be. Telefoon (03)3.66.44.00.

Geen enkele andere instantie heeft de bevoegdheid genoemde rechten van u te claimen, of te innen.

PERSOANEN:

VAL - tritiger, universitêr oplieden, wurket op reklameburo

MIKE - tritiger, lasker

MOEKE - fyftiger, húsfrou, troud mei Charles

CHARLES - fyftiger, dosint natuerkunde universiteit

THOMAS - fjirtiger, kollega fan Val

STEF - Studinte kommunikaasjewittenskippen

DEKOR:

Húskeamer, trep nei boppen, bar, hal (*nis*) mei foardoar.

EARSTE BEDRIUW

(Mike bellet)

MIKE: Hy hat wat?! Mar sokke lasknaden hâlde doch net! *(harket)*

VAL: *(op, keamerjas oan)* Hy leit deryn.

MIKE: *(yn telefoan)* No wat dan? Hy komt krekt fan skoalle. Dat kin my no gjin reet skele. Wat er net wit moat er freegje.

VAL: Joery wol dy noch sjen.

MIKE: Val, ik belje. Sis dat noch es Jos, want der sit ien trochhinne te praten. *(Val giet sitten, wachtet geduldich, Mike harket even, dan heftich, praat lûder)* Dat mienst net! De hiele trepleuning? *(harket)* Fansels ha ik dat net sjoen. Moat ik dan miskien syn hân fêsthâlde? Do witst doch ek wol datst Inox net mei in rôle izer laskje kinst, want dan krijst oksidaasje. Inox mei Inox, stiel mei stiel. Ferdomd noch oan ta, de hiele leuning. No kinne we alles fuort soademiterte. *(harket)* Dan meisto dy rotsoai der ôfhelje en alle laskpunten slypje. *(harket)* Ha ja! Wat tochtst? At der ek mar ien spatsje izer sitten bliuwt, begjint alles te rustkjen. De hiele santekream de kontener yn, ja!

VAL: *(der trochhinne)* Mike, rop net sa. Do hâldst Joery út de sliep.

MIKE: *(rêstiger)* Se sille moandaitemoarn in sûndebok sykje, mar my net. Dat jonge guod tinkt altyd dat se it laskjen útfûn ha. Se ha ferdomme in eigenwaan fan hjir oant Tokio. *(harket, dan lûder)* Dat kin my neat skele! It soantsje fan de personielssjef! Ik rammelje him krekt salang trochelkoar oant de tosken him yn de strôt rôlje. *(Val oerein, stjit him oan, gebeart dat er sachter prate moat. Mike harket, praat sachter dan)* Och Jos, do hoechst it net út te lizzen. We sjogge moandei wol. *(harket)* Ja. Do ek. *(leit del, tsjin Val)* Hoe is 't mooglik! Litte se sa'n jonkje, krekt fan skoalle, sa'n mei trije earbellen op in rychje, allinnich in trep ynelkoar laskje. In hiele fracht Inox nei de knoppen. Wolle se my de skuld jaan, ha ja, want dan hie ik 'm mar yn de gaten hâlde moatte. Tinke se soms dat ik berne-oppasser bin? Mar dat sil se net slagje.

VAL: Do moatst dy net sa opwine. 't Is doch al te let.

MIKE: Bin ik moai klear mei. Ik bin al fyftjin jier lasker en no moat ik my troch sa'n snotaap de les lêze litte? Ja daach!

VAL: Sst.

MIKE: Lasket dat jonkje Inox oan in rôle izer. In stommere stunt hie er net betinke kinnen. Ik soe wol es witte wolle hoe't syn heit 'm hjir útrêde sil. *(nei bar, fleske bier, drinkt)* Do kinst der op rekkenje dat him dat slagget.

VAL: Skatsje?

MIKE: Mike mei it fansels wer oplosse. De hiele binde der wer ôfslypje. Ik sis it al jierren en ik bliuw it sizzen: Inox moat yn in aparte romte ferwurke wurde, dan gebeure sokke dingen net. Inox by Inox, stiel by...

VAL: Skatsje? Sjoch no even boppe, Joery wachtet.

MIKE: Wêrom stoppest dy ek sa betiid op bêd? It is amper healwei sânen.

VAL: Hy hat straf.

MIKE: Straf? Hoesa? Hat er wer foar Picasso boarte op 't behang?

VAL: Hy woe syn húswurk net meitsje.

MIKE: Is dat alles? Dat kin ommers it hiele wykein noch. Moat er dêrom sa betiid op bêd? Do oerdriuwst.

VAL: Hy wurket my de hiele wike al op de senuwen en no ha 'k myn nocht. Hy wol gewoan net dwaan wat ik sis. Ik sis: meitsje dyn húswurk, en hy smyt alle Lego oer de flier. Sis ik dat er it opromje moat, rint er samar fuort. Dy jout neat om sizzen, giet tsjin my yn en is allinne mar dwers.

MIKE: 't Is noch in bern, wat wolst. Ik sil even by dy rakkert sjen. *(ôf)*

VAL: *(ropt)* Do hellest 'm der net ôf, hearst my! Hy bliuwt op bêd! *(sitte, pakt tiidskrift, blêdet ferfeeld. Mei ien ear harket se wat der boppe gebeurt. Bel. Oerein, nei hal, mar Mike is al werom)*

MIKE: *(op trep)* Hy wol allinne mar wat drinke, seit er.

VAL: Hy hat drinken genôch hân.

MIKE: Hy hat toarst. *(bel)*

VAL: *(nei doar)* En ik sis dat er al genôch hân hat. *(telefoan, dêr hinne)* Sjochsto wa't der by de doar is? *(nimt op)* Mei Val. O, hoi Thomas. Leuk datst bellest. *(harket)* Tanke. Komst jûn by de útrikking? Fijn! *(tsjin Mike)* Doch no iepen. *(Mike wifelt, hy wol it petear mei Thomas net misse. Yn telefoan)* Sis, wat tinkst fan in drankje? *(Mike gebeart fan 'nee'. Val wiist nei foardoar, bel. Mike*

lit Stef deryn) Dat is absolút gjin probleem. De hiele rim ram begjint doch pas tsjin njoggenen. Tiid genôch. (*harket*) Dêr wit ik neat fan. Wat kletspraat?

MIKE: (*op, mei Stef, de oppas*) Joery leit al. Hy hat straf.

STEF: Gesellich sis.

MIKE: (*tsjin Stef*) Gean mar even sitten. Val sil it dy sa útlizze. Drinken?

STEF: In kola... light.

MIKE: In lichte kola foar de jonge dame. (*nei bar, skinkt yn*)

VAL: (*laket útlitten*) Dat mienst net. (*laket, Stef en Mike sjogge nei har*)

MIKE: (*jout kola*) Se krijt in priis jûn.

STEF: Leuk. Wêrfoar?

MIKE: De bêste reklamespot. Foar auto's. (*Val laket*)

STEF: Wauw! Foar TV?

MIKE: Ja. Do hast 'm grif sjoen. Eh... mei dy auto dy't... no ja, dy minsken stappe yn en dan...

VAL: Sa'n goeie 'n ha 'k yn jierren net heard.

MIKE: ...en dan ride se fuort, yn in skerpe bocht reitsje se in stik of wat pealtsjes...

STEF: Dy ha ik sjoen, ja! Dan ride se troch read, knalle tsjin in auto oan, ride mei dûken en al gewoan fierder en, eh...

MIKE: ...noch in pear konteners ûnderstboppen, troch in ôfsetting...

STEF: ...oer in laach spiksplinternij asfalt, de bannen yn de fik, froem!!

MIKE: Ja! Se fleane noch by in buldoazer op en skowe op it dak fierder.

STEF: En boem, auto yn de fik! Ja. dy ha ik sjoen. Skroeiende gloeiende. En dy minsken stean der oan de kant nei te sjen.

MIKE: Krekt! En dan komt it. (*gebeart reklame-slogan*) Shot op auto: dit kinne jo fuortsmite! Shot op heit, mem en de bern: dit net. Jo húshâlding: Us wichtichste soarch! (*gebearte*) En út!

VAL: Sjoch ik dy aansen. Do witst it paad? (*harket*) Prima! Oant sa! (*leit del*)

STEF: *(tsjin Mike)* Hip spotsje.

MIKE: Yep, komt fan har.

VAL: Hoi Stef. Hast al wat te drinken? O ja.

STEF: Profisiat, blits spotsje.

VAL: Tanke.

MIKE: Yn elk gefal better as dy ûnnoazele reklame foar waskprodukten of tampons. Ik snap net wêrom't froulju dêr noch foar falle.

VAL: Miskien wol omdat se dy brûke moatte. *(tsjin Stef)* Sil ik dy even by Joery bringe?

STEF: *(set glês mei tsjinsin del)* Ik wit it paad.

VAL: O ja, fansels. *(Stef trep op. Tsjin Mike)* Wurdt it sa stadichoan net es tiid datsto ûnder de dûs giest?

MIKE: Tiid genôch.

VAL: Do rûkst nei swit en nei... ik wit net wat ik rûk... bier?

MIKE: *(pakt har beet)* Watsto rûkst leave skat, is in dei hurd wurkjen, it swit fan oeren laskjen, it stof fan oeren slypjen en skuorjen, koartwei: do rûkst earlik arbeiders-swit.

VAL: *(triuwt 'm fuort, Mike hâldt fêst)* Lit dat. Ik kom krekt ûnder de dûs wei.

MIKE: Der hat in tiid west datst dêr op kiktest. Dy rûge lasker yn syn overal, mei syn ivige rourântsjes en stoppelburd fûnst doch ferskriklik opwinend?

VAL: *(triuwt him fuort)* Mar no net. *(Mike drinkt)* En drink net safolle, de jûn is noch lang.

MIKE: De earste hjoed.

VAL: Ja, dat sil wol. Der wurdt aanst genôch dronken. Boppedat wol ik in bytsje wille ha jûn en dat kin ik net atsto troch en troch sêd bist. En drink út in glês, wolste?

MIKE: *(fleske omheech)* It sit yn in glês. *(Val sjocht even, sitte, docht as is hy der net, Mike drinkt, stilte)* Wie dat in kollega dy'tst oan de telefoan hiest?

VAL: Ja, Thomas. *(entûsjast)* Is 't net in skat! Bellet spesjaal om my te felisitearjen.

MIKE: Geweldich.

VAL: En dan te betinken dat hy ek yn de race wie foar dy priis. Sympatyk, of net?

MIKE: (*út de hichte*) Ja, freeslik.

VAL: Ik ha 'm útnûge om wat te drinken.

MIKE: Te gek. Ik sjoch der no al nei út. Wannear komt er?

VAL: Sadaliks, foar't we nei de útrikking gear.

MIKE: Foar't we fuortgear? Ja, daach! Kin dat net nei dy útrikking, at ik troch en de troch sêd bin? Dan kin 't my net sa folle mear skele wa't hjir de fleskes leechdrinkt. Ferdomme, sil dy kwal myn jûn noch mear ferpeste.

VAL: No, tige tank. Ik ha dy priis fertsjinne. It is wol myn jûn. Kinst net in bytsje bliid foar my wêze?

MIKE: Ik bin hiel bliid foar dy. Echt wier. Mar do witst dat ik de pest oan dy fint ha. Mei syn blitse kostúms en syn Italiaansk learen skuon dêr't er konstant mei rint te pochen. Hy stekt se dy hast yn de noas. 't Is in kloatsek.

VAL: Ferdomme Mike, hâld op. Do kenst 'm net iens. Ik kin der net oer datsto minsken samar feroardielest, inkel en allinne omdat se oars prate en harren oars klaaie as do.

MIKE: (*nij fleske*) Ik wantrou elke fint dy't gjin bier drinkt. Froulju's-drankjes... pffff. En dêrby, hy rint as in juffershûntsje.

VAL: Ik kin dy fersekerje dat it gjin juffershûntsje is.

MIKE: Hoe bedoelst? Do kinst my fersekerje dat it gjin juffershûntsje is.

VAL: O, gewoan.

MIKE: Sit dy reklame-junk achter dy oan? Sis dat it net wier is!

VAL: Do moatst dy net sa opwine. Hy hat it rjocht om foar syn kâns te gear.

MIKE: Do bist ferdomme in trouw frou.

VAL: Do bist jaloersk.

MIKE: Ja, ik bin jaloersk. At dy flikker it oandoart om dy Italiaanske skuon hjir oer de flier te setten, stopje ik 'm de soallen yn de strôt en byn ik 'm mei de fifiers de kloaten oan de reet fêst! At it noch gjin juffershûntsje is, dan giet er teminsten as juffershûntsje nei hûs!

VAL: Mike, hâld dy yn asjebleaf. Al dat folgêre praat.

MIKE: Ik mien it ferdomme. En wannear begjint dat ferrekte feest?

VAL: Njoggen oere hinne.

MIKE: Wêrom sa let? Om njoggen oere begjinne! Wa betinkt soks?

VAL: De measte kollega's wurkje let. Guon gean daliks fan kantoar nei it feest.

MIKE: Se binne gek. It leven is doch mear as allinne wurk.

VAL: Se hâlde fan harren wurk, krekt as ik.

MIKE: Ik hâld ek fan myn wurk, mar do sjochst my net laskjen oant let yn de nacht. Do wiest de ôfrûne moannen ek faak let thús.

VAL: Ik wit it. Mar it hat wol wat opsmiten: de bêste reklamespot.

MIKE: Eins bist it lêste healjier net folle thús west. Altyd mar oeroeren meitsje. Hoelang is it net lyn datsto Joery op bêd brocht hast?

VAL: Hjoed noch.

MIKE: Moat dy kontkrûper fan in Tommy dan ek oerwurkje?

VAL: Mike!

MIKE: Ik stel doch in gewoane fraach, net? Mei in man soms net witte mei wa't syn frou selskip hâldt at se net thús is? Ik nim oan dat de sfear serieus opwaarmje kin yn al dy leuke oeren dat jim tegearre binne, mei al dy kreative en ynspirearjende ideeën.

VAL: Thomas sit net by my yn de ploech. Dy sit by it konkurrearjende tiim. (*Stef op, tsjin Stef*) Is der wat?

STEF: Hy hat toarst. Hy wol wat drinke.

MIKE: Knal fergetten.

VAL: Hy hat alles al hân.

MIKE: (*tsjin Val*) Lit dat bern doch wat drinke! (*tsjin Stef*) Jou 'm wat molke. (*tsjin Val*) Molke, dêr kin doch neat op tsjin wêze? 't Is ferdoarje in lytse jonge dy't folop yn de groei is. (*tsjin Stef*) Jou 'm mar in glês molke út de koelkast, lekker fris. (*Stef ôf*)

VAL: Wêrom moatst altyd tsjin my yngean? Do ûndergraafst myn autoriteit.

MIKE: Ik soe dyn autoriteit ûndergrave troch in lyts jonkje in glês molke te gunnen? Is dat net wat fier socht?

VAL: Nee, hielendal net. Do ûndergraafst myn autoriteit. Gean sa troch en binnen tsien jier ha wy neat mear yn te bringen. Dan docht er gewoan wêr't er syn oan hat en kinne wy op de kop stean en dûbeltsjes skite. Sa sit dat.

MIKE: Dus, ik moat myn bern fan seis...

VAL: Sân.

MIKE: ...sân jier sûnder in gleske molke op bêd stjoere omdat er my oars oer tsien jier útlaket! Bespotlik.

VAL: Neat net bespotlik. Dat neame se grutbringen.

MIKE: Ik neam it mishanneljen. Sels in bist joust wetter at it toarst hat.

VAL: Hy hat gjin toarst. Hy freget gewoan om oandacht.

MIKE: Hoe witsto dat? Hy kin bêst toarst ha.

VAL: En ik sis dy dat er gjin toarst hat.

MIKE: Je stjoere in bern net mei toarst op bêd. Us mem liet ús eartiids it búkje rûn ite en wy waarden net foar elk wysjewasje op bêd stjoerd.

VAL: Aha! Fan dêr datsto jûns noait op bêd giest.

MIKE: Hear har. De pôt ferwyd de tsjettel dat er swart is. Ik bliuw op sa datsto net yn in tsjuster en kâld hûs komst. Gotfer. Dat is in goeie. *(Stef op)*

VAL: Besykje my no net wiis te meitsjen datsto dysels opofferest troch oant let yn de jûn langút op de bank foar de telefyzje te lizzen.

STEF: Hy hoecht de molke net. Hy wol kola.

VAL: Sjochst no wol. No wol er kola.

MIKE: Ferdomme. Hy sil molke drinke al moat ik it 'm troch de earen nei binnen jitte. *(ôf)*

VAL: Mike, wês leaf. Net raze asjebileaft!

STEF: *(giet sitten, drinkt)* Ik ha noait lijen at ik mei 'm allinne bin.

VAL: Hy makket misbrûk fan de situaasje, dat is 't. *(stilte. Stêf nipt fan kola, sjocht om har hinne. Val filet neilen)* Hoe giet it mei de stúdzje dit jier?

STEF: Giet wol. Ik mis it foarige appartemint. Dat wie sa gesellich.

VAL: In bytsje te gesellich no'tst sitten bleaun bist tinkt my.

STEF: Do likest ús heit wol. 'Do tinkst doch net dat ik oan 't beteljen bliuw foar in gesellich appartemint. It jild groeit my net op de rêch'.

MIKE: *(op)* Hy sil de molke opdrinke en sei dat er him dêrnei deljaan sil.

VAL: We sille sjen.

MIKE: *(tsjin Stef)* At ik 'm op bêd bring binne der noait problemen.

VAL: Profisiat! Jim kinne elkoar de hân jaan.

MIKE: Do wolst it altyd forsearje. Do hast gewoan te min geduld.

VAL: En do bist fierste tolerant. Regels moatte der wêze en dêr moatte heit en mem har beide oan hâlde.

MIKE: Ik sis allinne mar dat ik noait problemen ha at ik 'm op bêd bring. Dat krijsto mei al dyn regeltsjes en pedagogyk net foar elkoar.

VAL: Ik tink teminsten nei oer wat ik doch, ek mei de pedagogyk fan ús soan.

MIKE: Boekewiisheid. Sjoch do letter mar út, Stef. Dy hiele stapel boeken *(wiist)* dêr hat se troch west...

VAL: Ik lês teminsten noch es wat! Do kinst der net ta komme.

MIKE: Ik mei dan mar in lasker wêze, juffer reklamespot fan it jier, ien ding kin ik dy sizze: do kinst noch sa folle boeken lêze, mar it sil dy gjin sikkepit fierder helpe, in soad teory en net folle sûn ferstân. *(stilte)*

STEF: *(ûngemaklik, oerein)* Ik sil mar even by 'm sjen, tink. *(ôf)*

VAL: *(negearret Stef)* Hoe doarst my sa te fernederjen dêr't de oppas by is?

MIKE: Elkenien krijt wat 'm takomt. *(Val lilik ôf. Mike drinkt. Bel)* Val! De bel. Dochsto iepen?

VAL: *(achter)* Nee!

MIKE: *(ropt)* It sil dy reklame-nicht wol wêze. En ik bin net fan doel om de doar iepen te dwaan foar dat koekoeksjong. Hearst my, Val? Fan my meie syn ballen der ôffrieze.

VAL: *(op)* Raas net sa. Aanst heart er dy noch. *(nei hal)*

MIKE: *(tsjin himsels)* Safolle gelok sil ik wol net ha. *(ropt)* En dêrby, hy brûkt se doch net. *(Val lit har heit en mem deryn)*

MOEKE: *(en Charles op)* Binne jim al oan 't feesten? Ik koe jim bûten wol hearre. Hoi, leave Mike. *(tútsje op wang)* Hâldst dit oan jûn? *(tsjin Val)* Hy hâldt dit doch net oan?

VAL: Syn klean hingje klear mem.

CHARLES: Froulju en klean, dy kinne in man gek meitsje, netwier Mike? *(jout hân)* Watst ek oanlûkst, goed is 't nooit. En sels kleie dat se neat ha om oan te lûken, ek al puollet de kast út.

MIKE: Ik miende dat jim streekrjocht nei de resepsje gean soene?

MOEKE: Val hat ús útnûge, foar in drankje. *(tsjin Val)* Skatsje, ik fyn dat in geweldich idee. In lekker drankje sil ús hielendal yn de stimming bringe. Stiet it al klear?

VAL: Joery hat my wat opholden.

MOEKE: Ja, wêr is myn favorite beppesizzer?

MIKE: Dyn iennige beppesizzer.

MOEKE: Oars hellet dy rakkert my altyd entûsjast op by de doar. 'Beppe?', ropt er dan. 'Beppe, wat hast foar my meinommen?'. Ja, beppe is alles foar 'm. Ik fyn it hearlik dat er my sa graach mei. Wol, wêr is er?

VAL: Hy leit al.

CHARLES: No al? Is dat net wat betiid? 't Is noch gjin sân oere.

VAL: Hy hat straf.

MOEKE: Och heden. Mei 'k 'm net sjen dan? *(grutte doaze út tas)* Ik ha der sa nei útsjoen om 'm dizze Lego te jaan.

VAL: Mem, do bedjerst dy jonge.

MOEKE: Unsin. Hoe kinne je in leaf lyts jonkje no bedjerre mei sa'n doaske Lego?

MIKE: Ik jou it 'm moarn wol. Ik lis it wol even oan kant.

MOEKE: En in nachttútsje kin ek net? Jawol doch? Dan jou ik 'm dy Lego ek daliks. Och earm jonkje, beppe sil 'm even treaste.

VAL: Mem, Mike hat gelyk. Ik ha der neat op tsjin datst even by 'm sjochst, mar de Lego krijt er moarnier.

MOEKE: Mar ik ha 't spesjaal foar him meinommen.

CHARLES: Moeke.

MOEKE: Al goed. Mar ûnder protest. Jim binne fierste hurd foar dy jonge. *(leit Lego del, ôf, Val rommet doaske op)*

CHARLES: Soa. Mike. Alles goed? En op 't wurk?

MIKE: Ik mei net kleie.

VAL: Niis krekt tochtst dêr noch oars oer. (*sjocht flessen bar nei op ynhâld*)

MIKE: Dy Jos is in drama, dy wit my altyd op de kast te krijen.

CHARLES: O ja? Neat ernstichs mei 'k hoopje?

MIKE: Je witte hoe't dat giet. Sa'n jonkje dat krekt fan skoalle is helpt in djoere Inox-trep nei de kloaten en dan sykje se in kop fan Jut, want se kinne de soan fan de personielssjef der net foar opdraaie litte. Dy knaap is gjin knip foar de noas wurdich, mar ja...

CHARLES: Hat in goeie kroade grif?

MIKE: Dat hoegde net iens. (*Stef op*) Hoi, ik bin Piter-Jan en ik sil hjir oant wurk.

STEF: Eh...

VAL: Wat is der?

STEF: Joery hat de tosken al poetst seker?

VAL: Ja fansels, hoesa?

STEF: No, hy hat krekt in reep sûkelade krigen en dy wol er no opite...

VAL: 't Is net wier! Wat tinkt mem wol net? (*ôf*)

CHARLES: (*keurt Stef mei eagen*) Bern. Se kinne in mins gek meitsje. (*tsjin Stef*) Soa, dus do hast tsjinst jûn?

MIKE: Stef hat hjir earder oppast, dat foldie goed. Bierke, Charles?

CHARLES: Ja. Of nee, drankjes en bier, dat sil net goed gean, tink. Doch mar net. (*tsjin Stef*) Studint?

STEF: Ja seker, kommunikaasjewittenskippen.

CHARLES: Kommunikaasjewittenskippen. Dat is in hiel mûlfol. Earste jier?

STEF: Twadde. No ja, foar de twadde kear. Ferline jier woe 't net echt, drege tentamenfragen en sa. Fan heit en mem mocht ik it noch ris besykje, mar dan moast ik wol in bydrage yn de kosten leverje, sadwaande.

CHARLES: Dêrom sitsto hjir en moat de frijer allinne op stap.

STEF: Ik ha gjin frijer.

CHARLES: Hoe kin dat no? (*fette knypeach nei Mike, dy negearret it*) Sa'n moai dinkje en dan gjin frijer?

STEF: Earst de stúdzje en dan sjogge we wol.

CHARLES: Wat serieus. Do moatst no en dan al es genietsje. (*giet neist har sitten, hân om har hinne*) Derfan priuwe. In aperityf hjirre, in foarôf-priuwke dêr, no en dan in haadgerjochtsje en om it ôf te meitsjen in lekker neigesetsje. En jonge minsken moatte goed ite, want se sitte noch yn de groei. (*laket om 'm sels*) Doe't Val op de universiteit siet, koe ik sa sizze: 'no is se oan 't priuwen'. Ynienen wie se in frou. Jaja, tink der om! As heit wie ik dêr doe net bliid mei, mar achterôf sjoen... Wat seisto, Mike?

MIKE: Bah!

MOEKE: (*op*) Heit, do bringst Joery doch ek in nachttútsje?

CHARLES: (*lit Stef los*) Fansels. Wêr is dy dogeneat? Tiid foar in praatsje, mannen ûnder elkoar. (*ôf*)

MOEKE: Sa. Hast de drankjes al klear, Mike?

MIKE: Ik soe net witte hoe. Dat docht Val aanst wol. Wêr is se eins?

MOEKE: Toskpoetse mei Joery. (*tsjin Stef*) Sa'n rakkert, noch gau in reep sûkelade soldaat meitsje. Hoe âld bisto eins?

MIKE: Ald genôch.

MOEKE: Mearderjierrich?

STEF: Eh ja, hoesa?

MOEKE: (*nei bar, sjocht ek nei ynhâld flessen*) O samar. Do sjochst der sa jong út. Hmm, gin. Ideaal om te miksen. (*jit seker kwart fan flesse yn mingbeker*) Fynst net, Mike?

MIKE: Ja seker. (*drinkt*)

VAL: (*hastich op, tsjin Moeke*) Moast er dy sûkelade no perfoarst ha?

MOEKE: Dy earme jonge hie hunger.

VAL: Ik ha dy rommel mei muoite fan de tosken ôf krije kinnen. Do witst dat er op bêd net ite mei, lit stean sûkelade.

MOEKE: Hy is yn de groei. (*tsjin Stef*) Ik kin in hongerige beppesizzer doch sa'n stikje sûkelade net wegerje?

VAL: In stikje! In hiele reep!

MIKE: No sil er aanst wol wer toarst ha.

VAL: *(tsjin Mike)* Begjin do no net. *(tsjin Moeke)* Is dat gin? Net te folle fan dat spul, wolste? Ik fyn it net lekker yn miks-drankjes.

MOEKE: Soesto dy net es omklaaie? Do rinst hjir mar wat om yn dy badjas.

MIKE: Dat sil wol gau klear wêze. De jurk oer de holle en klear is kees. Mar bûtenom... dat sil wol langer duorje. Dêr giet hiel wat mear tiid yn sitten. Ja, der wurdt wat op smard de lêste tiid.

MOEKE: Se moat der jûn ek tip top útsjen. *(skoat út oare flesse yn beker)*

MIKE: Fansels. Ik wie eartiids al earder klear at ik jûntsje op stap gie. Jas oan, doar ticht en in lekkere pizza yn de pizzeria.

VAL: Witste Mike, do hoechst net mei. Thomas hâldt my wol selskip.

MOEKE: Wa is Thomas?

MIKE: In omheech fallen juffershûntsje.

VAL: In kollega fan 't wurk. Aardige jonge.

MIKE: *(spottend)* Freeslik aardich.

VAL: En sportyf. *(bitsich op Mike)* Hy klaait 'm ek leuk.

MIKE: Bysûnder leuk. In Italiaanske mannequin. *(hâlding as mannequin)*

MOEKE: O, hy is fan de ferkearde kant.

MIKE: Freeslik ferkeard.

VAL: Dat is hy net. Hy hat teminsten gjin bierbúk.

MIKE: Ik ha gjin bierbúk.

VAL: Nee, 't komt fan 't wetter drinken.

MOEKE: *(drok dwaande alles te mingen, wol sfear posityf meitsje)* Moatst ek in taspraak hâlde, Val? *(Charles op)* Dat soe prachtich wêze, of net Charles?

CHARLES: Wat? Witst wat dy snotaap no seit? 'Pake', seit er, 'pake, Karolyn is op my. Dy rint my alles achternei. Mar ik moat har net. Se stjonkt'. Is dat no net geweldich? Sân jier en no al op de loop foar de froulju.

MOEKE: Do neamst heit en my doch wol yn dyn tankwurd, no Val?

CHARLES: Wat tankwurd? Ik ha 't oer de lytse jonge.

MOEKE: De taspraak dy't Val jûn hâlde sil. *(priuwt)* Te swiet.

CHARLES: Moatsto in taspraak hâlde?

VAL: In tankwurdsje.

MIKE: Dêr hasto tsjin my neat oer sein.

VAL: Do hast my ek neat frege.

MOEKE: Spannend, net? Berntsje doch, ik bin sa grutsk op dy.
(*priuw*) Kin noch wat gin brûke. (*jit by*)


VAL: (*ergert har*) Net sa folle. Ik soe sa'n fiif minuten prate moatte,
mar earst seit de baas wat oer it bedriuw, de balâns en sa.

MIKE: O god noch oan ta. Moat ik mei om de hiele jûn nei dat
geëamel te hearren? Ja, daach.

Als u het hele stuk wilt lezen dan kunt u via www.toneeluitgeverijvink.nl de tekst bestellen en toevoegen aan uw zichtzending.

Voor advies of vragen helpen wij u graag.

 info@toneeluitgeverijvink.nl

 072 5112407

TONEEL
UITGEVERIJ  **INK**

“Samenspelen” is ons motto